

# PARSEBERJOCHT

12 jannewaris 2017

## Hea! yn it teken fan Faderpaard

It programma Hea! fan Omrop Fryslân stiet dizze dagen yn it teken fan Faderpaard. It jierlikse hynste-evenemint fan De Koninklijke Vereniging 'Het Friesch Paarden-Stamboek' (KFPS). Hjoed sjocht Hea! foarút op de hynstekeuring mei de famylje Wijma en harren sukseshynst Jasper 366. Dat ferhaal wurdt moandei 16 jannewaris ferfolge yn in ekstra lange útstjoering fan Hea! oer Faderpaard. It evenemint is dit wykein folop te folgjen by Omrop Fryslân.

Jasper 366 is al 22 jier, mar noch hieltyd in fenomeen yn de Fryske hynstewrâld. By syn ferskinen wit er op de hynstekeuring alle kearen it publyk op de banken te krijen. Sneon docht Jasper ek wer mei oan de hynstekeuring. Hoe sil it de populêre hynst en syn eigenerers fergean?

Yn de ekstra lange Hea! ek in portret fan foarbringer Tsjalling de Boer (25) fan Sint Jansgea. De Boer is ien fan de mannen dy't, klaaid yn it wyt, de hynsten op harren foardielichst yn de ring út komme litte moatte. De Boer docht dat sa goed dat er syn berop der fan meitsje kinnen hat. It binne smoardrokke dagen foar him, want der docht ek in tal hynders fan himsels mei oan de keuring.

### Faderpaard by Omrop Fryslân

De útstjoeringen fan Hea! binne te sjen fan 17.35 oere ôf op Omrop Fryslân en dêrnei alle oeren nei It Waar. It konsert Friesian Proms (freed 13 jannewaris fan 20.30 oere ôf) en de hynstekeuring (sneon 14 jannewaris fan 08.30 oere ôf) binne live te folgjen op telefyzje, Omropfryslan.nl en de Omrop-app. Mear ynformaasje oer alles wat Omrop Fryslân om it Fryske hynder hinne docht en ekstra reportaazjes binne te finen op: [Omropfryslan.nl/faderpaard](http://Omropfryslan.nl/faderpaard).

---

### Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

12 januari 2017

## Hea! in het teken van Faderpaard

Het programma Hea! van Omrop Fryslân staat deze dagen in het teken van Faderpaard. Het jaarlijkse hengstenevenement van De Koninklijke Vereniging 'Het Friesch Paarden-Stamboek' (KFPS). Vandaag kijkt Hea! alvast vooruit op de hengstenkeuring met de familie Wijma en hun succeshengst Jasper 366. Dat verhaal wordt maandag 16 januari vervolgd in een extra lange uitzending van Hea! over Faderpaard. Het evenement is dit weekend volop te volgen bij Omrop Fryslân.

Jasper 366 is al 22 jaar, maar nog altijd een fenomeen in de Friese paardenwereld. Bij zijn verschijnen weet hij op de hengstenkeuring elke keer het publiek op de banken te krijgen. Ook zaterdag doet Jasper weer mee aan de hengstenkeuring. Hoe zal het de populaire hengst en zijn eigenaren vergaan?

In de extra lange Hea! ook een portret van voorbrenger Tsjalling de Boer (25) uit Sintjohannesga. De Boer is een van de mannen die, gekleed in het wit, de hengsten op hun voordeligst in de ring moeten laten uitkomen. De Boer doet dat zo goed dat hij er zijn beroep van heeft kunnen maken. Het zijn razend drukke dagen voor hem, want er doet ook een aantal paarden van hemzelf mee aan de keuring.

### Faderpaard bij Omrop Fryslân

De uitzendingen van Hea! zijn te zien vanaf 17.35 uur op Omrop Fryslân en daarna ieder uur na It Waar. Het concert Friesian Proms (vrijdag 13 januari vanaf 20.30 uur) en de hengstenkeuring (zaterdag 14 januari vanaf 08.30 uur) zijn live te volgen op televisie, Omropfryslan.nl en de Omrop-app. Meer informatie over alles wat Omrop Fryslân rondom het Friese paard doet en extra reportages zijn te vinden op: [Omropfryslan.nl/faderpaard](http://Omropfryslan.nl/faderpaard).

---

### **Noot voor de redactie**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.